



22369

# **SPIKERHURD**

*(Spijkerhart)*

Komeedzje yn acht tafrielen

fan

**Aris Bremer**

Fryske oersetting

**Gurbe Dijkstra**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SPIKERHURD (SPIJKERHART)** **OF** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties, Facebook en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** en vertaler **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **Persoanen:**

- Simen Spiker:       direkteur fan Widdo Spiker en Ko yn kratten en kisten
- Amanda Spiker:     syn frou, foarsitter fan Dames foar Dakleazen  
Ko Kramer:         syn trouwe sjef produksje en net allinne in stille fennoat.
- Frou Mûs:           syn ûnmisber ûnthâld en latint fereale sekreta-  
resse.
- Katja:               syn jongste oanwinst foar ienfâldich kantoarwurk.
- Hans:                de stazjêr en yndustrieel ûntwerper, mei grutte ideeën en in lyts spraakgebrek.

3 manlju en 3 froulju.

## **Toaniel;**

In rommelige kantoarromte boppe in wurkpleats. Yn de achtermuorre sit in rût dat blyndearre is mei jaloezyen. Rjochtsachter is in doar nei de trep nei ûnderen. At je dizze doar iepen dogge binne de lûden fan masines en sa te hearren. Links is de doar nei de keamer fan Spiker. Midden, heaks op de achtermuorre, stiet in burol mei links en rjochts in stoel. Rjochts in beskieden tekentafel. Links in opstelling fan modellen fan kratten en kisten, reklameplaten. Ergens hinget in portret fan in frou yn degelik swart.

Tusken de tafrielen lytse sjânzjeminten, graach mei it doek iepen útfiere. It skoft by foarkar tusken it fyfde en it seisde tafriel.

## Earste tafriël

*(oan de ein fan in wurkdei. Mûs sit op har plakje, links fan it buro. Sy is foarmlik yn de klean. Ko achter de tekentafel, hy hat in healsliten mansjesteren broek oan. De telefoan giet)*

**MÛS:** *(nimt op)* Widdo Spiker en Ko. Mei Mûs. Ah, middei Kamsma, wat meie wy foar jo opskriuwe? Ekstra koarting? Mar jo ha ommers al in hiel oantreklik persintaazje! Dêr moat Spiker sels oer beslisse. *(Simen op. Hy hat in fantasyleas pak oan. Hy is wurch en gappet nei de siken. Hans achter him oan. Se binne mei de rûnlieding dwaande. Hans hat ienfâldige mar flotte artistike klean oan. Hy mei graach fantasearje en stammert in bytsje, mar dêr hat er sels gjin problemen mei)* Spiker, momint asjebleaft. *(hân op de telefoan. Simen sjocht har freegjend oan)* Kamsma, oer in hegere koarting. *(Simen meneuvelt dat hy der net is)* Hy is der net, mar hy bellet jo werom. Goejûn, Kamsma. *(hinget op)* Dat wie Kamsma.

**SIMEN:** Kamsma lapt it him altyd mar wer. Hegere koarting, poe, no ja, ik belje him wol. *(tsjin Hans)* Wy binne net sa grut. Wolle wy ek net. Dit hjir is de administraasje. *(wiist nei it buro)* Mei frou Mûs. Frou Mûs is sa'n bytsje myn ûnthâld. En dat is *(wiist nei Ko)* de ôfdieling produksje, Ko Kramer. Kramer kin alles en wit alles. Minsken, dit is... hoe wie de namme ek al wer?

**HANS:** Hans, men... menear Sssss...

**SIMEN:** Spiker. *(wiist op in kistje bananen)* Pak mar, se binne ryp.

**HANS:** *(pakt in banaan en skylt dy)* T-tige tank.

**SIMEN:** *(tsjin Mûs en Ko)* Jimme ek? Der binne genôch. *(se skodholje)* Sels witte. Eh... dit is Hans. Hans studearret. Hans studearret foar, wat wie 't ek al wer?

**HANS:** *(besjocht de banaan)* Yndustriële foarmjouwing.

**SIMEN:** Hans sil hjir in pear moannen meirinne.

**KO:** *(draait him om)* Meirinne?

**HANS:** Ik rin staaasje. *(hapt yn de banaan)*

**KO:** Mei wa? Wêr? *(tsjin Simen)* Wêrom wit ik hjir neat fan? *(Simen triuwt him in banaan yn de hân)* Wat moat ik in studint no dwaan litte? Ik kin him min oan de masine sette. *(Ko skylt de banaan. Simen pakt ek ien. Underútsakke yn de stoel yt er stadich)*

**HANS:** N-nee, K-Kramer...

**KO:** Of moat er meirinne yn de bûtentsjinst? (*hapt*)

**HANS:** Nee, ik... ik...

**KO:** Ferrek! No yt ik doch wer in banaan.

**HANS:** Ik moat yn myn s-staazje m-modellen ûntwikkelje. (*sjocht nei de platen oan de muorre*)

**KO:** En ik kin al sa min nei it húske. (*leit de rest fan de banaan fuort*) **Wat** wolst ûntwikkelje?

**HANS:** N-nije m-modellen.

**KO:** Wy wolle hielendal gjin nije modellen.

**HANS:** Nee, mar de k-klant wol! (*wiist nei de platen*) B-binne dit de d-dinkjes dy't hjir makke wurde?

**KO:** Dizze "dinkjes" binne ús kisten en kratten en de Widdo Spiker en Ko makket dizze kisten en kratten al mear as hûndert jier.

**MÛS:** Sûnt 1880.

**HANS:** A-achttjin hûndert.

**MÛS:** Tachtich! Sûnt 15 maaie 1880. Spiker syn oerpake hat dy deis de earste spiker yn de earste kiste slein. Sa wie 't doch Ko?

**KO:** Do slachst de spiker op de kop! En dat model wurdt noch altyd makke! (*wiist it model oan*)

**MÛS:** Model Carmen! Nei Spiker syn oerbeppe.

**KO:** En syn pake...

**MÛS:** Pake Spiker...

**KO:** Hat it earste krat ûntwurpen. (*wiist*) Carmen.

**MÛS:** Beppe Spiker.

**HANS:** (*foar in plaat mei it model Amanda*) En jo h-heit makke dit ding? A-Amanda?

**SIMEN:** Us heit? Nee.

**KO:** Syn heit is net oan in eigen model takommen. Hy wie hertpasjint.

**SIMEN:** Kom no...

**MÛS:** Nee Ko, ik ha altyd miend dat er net... al te... (*wiist nei de holle*)

**KO:** (*mei in skean each op Simen*) Allebeide eins. Faaks dy holle wol troch dat hert. Of dat hert kaam troch dy holle.

**SIMEN:** Kom no, dat falt allegear wol in bytsje ta.

**MÛS:** Mar syn mem is doe mei de saak trochgien.

**KO:** En hoe! Sûnt dy tiid binne wy in begryp wurden yn de wrâld fan de kisten.

**MÛS:** En de kratten. Us klanten ferfiere fan alles yn ús kratten! Boeken, broeken, fisk en masines. Hinnen en hoannen.

**SIMEN:** (*mei berêsting*) En bananen.

**MÛS:** En bananen. (*fûl*) Mar dy klant gong fallyt.

**SIMEN:** Sadwaande sitte wy no tsjok yn de bananen. Wolle jim noch ien? (*hâldt in banaan omheech*) Stean net tsjin jimsels.

**HANS:** Aansen.

**SIMEN:** Mûs, ek in banaan?

**MÛS:** Tanke, se binne... eh... oerryt.

**SIMEN:** (*wurch*) Binne wy doch allegear.

**HANS:** (*foar it portret*) G-goemiddei.

**SIMEN:** It grutte ferskil is, dat bananen dan op syn lekkerst binne.

**HANS:** D-dizze sjocht net **echt** blier.

**SIMEN:** Kramer hat pinemûle.

**HANS:** D-dizze dame bedoel ik.

**SIMEN:** Dat is de widdo Spiker.

**HANS:** O.

**KO:** Noch sûnder Ko.

**HANS:** Ko?

**SIMEN:** Ko kaam letter. (*suchtsjend*) Widdo Spiker wie ús mem.

**KO:** Syn mem wist wat wurkjen wie, dat sis ik dy. In bytsje wurk gongen se net út de wei. Hâld yn de rekken jongfeint dat hjir troch elkenien wurke waard, hurd wurke. (*sjocht troch de jaloezyen*) Ferrek! Der wurdt hielendal net wurke. Wat is dit?

**MÛS:** (*sjocht op it horloazje*) It is fiif oere. (*Simen oerein*)

**KO:** (*lilk*) Ja, it sil ek es in kear fiif oer fiven wurde. Doe't ik jong wie, wurke ik oan seis oere ta. En at syn mem dat frege, ha ik it wol es folle letter makke. En sneons ek, oan ien oere ta. Sjoch no es, de wurkpleats is leech. (*tsjin Hans*) Wêr wie 'k ek al wer?

**HANS:** Yn de w-wrâld fan de k-kisten.

**KO:** ...en de kratten. Us produkt stiet dus rûnom bekend as betrouber, se kinne wit hoe lang mei. (*Simen rint in pear stappen en wjukkelt hinne en wer*) Unferslytber!

**MÛS:** (*sjit op him ta*) Giet it?

**SIMEN:** (*wart har ôf*) Lit mar. (*tsjin Hans*) Wy binne ûnferslytber sis mar.

**KO:** Se fleane de doar út.

**HANS:** F-fleane?

**KO:** By wize fan sprekken fansels.

**HANS:** Ik tocht al, k-kisten dy't f-fleane.

**KO:** (*kiezzich*) Dat binne fansels oare kisten.

**SIMEN:** Ko, do makkest him hjir mar even paadwiis, ik gean fuort.

**KO:** Foar datst fuort giest, even noch de planning foar nije wike.

**SIMEN:** Moat dat no?

**MÛS:** Jawis, en wolle jo dit kontrakt ek noch even trochlêze? (*jout him de stikken*) Ik sit noch wat mei de betellingsterminen.

**SIMEN:** Ik net. (*jout it werom*) Do dochst mar.

**KO:** Bist it der mei iens dat wy earst fiif tûzen giele Carmens meitsje foar Urk?

**MÛS:** (*jout de stikken wer*) Mar jo moatte wol tekenje en moarn moat de bank belle wurde.

**KO:** Of dogge wy earst dy tûzen reade Amandas foar dy drukkerij?

**MÛS:** Wy moatte mear kredyt ha om de leanen te beteljen. Moat dizze jongfeint ek wat fertsjinje?

**KO:** Bist gek! Wy jouwe him sa no en dan in banaan! (*Simen wjukkelt hinne en wer*) Hy rint allinne mar mei.

**MÛS:** (*skoot in stoel by*) Gean even sitten.

**KO:** Simen, bellest aansen noch even mei dy Kamsma? At er dy Carmens nimt, moat ik wol de kleur witte!

**SIMEN:** Moarn.

**KO:** Moarn is it te let!

**SIMEN:** Okee, okee, ik doch it daliks wol. (*weaut se fuort*) Nim dy jongkeardel mei en lit him it hjir ûnder sjen.

**HANS:** K-kin dat moarn n-net? Ik m-moat noch k-kattefoer k-keapje.

**MÛS:** (*benijd*) O, watfoar kat hasto?

**HANS:** K-kat?

**MÛS:** Do woest doch kattefoer keapje?

**HANS:** O, mar dat is f-foar mysels. Earme s-studint no! Ein fan de m-moanne!

**MÛS:** Jakkes!

**KO:** Kin net by de hongerwinter yn 't skaad stean. (*by de doar*) Doe ieten wy de katten sels op. (*skoat pine*) Au! Rot kiezzen! No kom op, rinst mei?

**SIMEN:** Ko, jou him mar in foarskot út de lytse kas.

**KO:** (*foetert*) En hy hat noch neat dien.

**SIMEN:** (*tsjin Hans*) En nim noch in banaan.

**KO:** Hjir! (*leit de hiele tros bananen by Hans op de earm*) Dêr ha ik noch fiif kisten fan stean. Moai jongfeint, begjinne wy by de seagerij. Wy wurkje hjir allinne mar mei it alderbêste fjurrenhout út Finlân. (*beide ôf*) Hoe hjitst ek al wer?

**SIMEN:** (*sit, tsjin himsels*) Hans.

**MÛS:** (*docht wat oan har klean en sjocht der ynienen minder strang út*) Wêrom hast him oannommen, Simen? Wat moat dy jonge hjir yn de goedichheid dwaan? Doch gjin nij model kiste ûntwerpe wol?

**SIMEN:** Ik wie te wurch om nee te sizzen.

**MÛS:** Dat is it, do kinst net nee sizze.

**SIMEN:** Nee.

**MÛS:** Do bist te goed.

**SIMEN:** Goed...? Nee.

**MÛS:** Dat mei dy bananen bygelyks.

**SIMEN:** De man hie gjin jild, allinne mar bananen.

**MÛS:** En wy wiene noch mar krekt troch de hjerrings hinne.

**SIMEN:** Dy fiskboer gong ek fallyt.

**MÛS:** Je rûke se noch boppe de bananen út.

**SIMEN:** Wat moat ik dan?

**MÛS:** Nee sizze! Do litst dy tsjintwurdich fierste maklik ynpalmje. Lykas troch dat ûnbenul... dy Katja... Neffens my koest tsjin har ek gjin nee sizze.

**SIMEN:** Katja ha ik oannommen foar it ienfâldige kantoarwurk.

**MÛS:** Do hast ja sein omdat se jong en brutaal is.

**SIMEN:** (*wurch*) Se is aardich.

**MÛS:** Aardich brutaal ja, lykas al dy jongfammen. En dom! Dom! Ik doar har de telefoan net iens oannimme te litten. (*Simen komt oerein*) Se skrikt de klanten of, Simen! Se sit noch yn in proefperioade dus...

**SIMEN:** Asjebleaft, no even net. (*pakt him fêst oan it buro*)

**MÛS:** Hast noch gjin oprop krigen? (*Simen skodhollet*) Ik begryp net wêrom't dat salang duorje moat. It is om bang fan te wurden dy sa te sjen. Wat seit sy der fan?

**SIMEN:** Amanda?

**MÛS:** As ik dyn frou wie...

**SIMEN:** Soest dat wolle?

**MÛS:** (*ferlegen*) Wat?

**SIMEN:** Myn frou wêze.

**MÛS:** Simen, doch net sa... no ja!

**SIMEN:** Nee dus.

**MÛS:** Do bist troud!

**SIMEN:** (*suchtet*) Mei Amanda...

**MÛS:** En ik fyn dat se better op dy passe moat.

**SIMEN:** Leaver net. (*sit*) Dy rottrep hjir brekt my op.

**MÛS:** Atst boppe bist, sitst wol in kertier te hymjen. Dat is doch net normaal?

**SIMEN:** (*wiist op it boarst*) It liket wol oft it boarst fan hout is Mûs. En sa no en dan is it krekt as slaan se der in spiker yn.

**MÛS:** (*achter him, hân op syn skouder*) Simen doch...

**SIMEN:** In rustige fiiftommer mei in stompe punt. (*Mûs massearret syn skouder*) Yn in stik hout by de duvel út it bosk, sa fielt it... (*leit in hân op Mûs har hân*) Wy soene it hjir by it ôffal smite. Offal, te min om op te brânen. (*Mûs leit har earm om syn boarst, wang op it hier*) Dat hert fan my...

**MÛS:** (*leaf*) Dat domme, domme, domme Spikerhert...

**KATJA:** (*hastich op fan rjochts. In lyts bytsje ordinêr, seksy yn de klean en bot opmakke*) No ju. Sorry hear!

**MÛS:** (*om de situaasje te rêden*) Dat is dus... eh... maat fjirtich fan board.

**KATJA:** Ik woe freegje oft ik moarn...

**MÛS:** Jo moatte op syn minst maat fjirtich ha. Dizze is te lyts hear. Maat seis en tritich, gjin wûnder dat dizze board net lekker sit.

**KATJA:** No ju, hy hat seis en tritich wylst it fjirtich wêze moat? Gjin wûnder dat er it altyd sa benaud hat.

**MÛS:** Wiest noch net fuort, Katja?

**KATJA:** O ja, al lang! Mar doe skeat my yn 't sin dat ik fergetten hie te sizzen dat ik moarn even letter kom.

**MÛS:** Noch letter as oars?

**KATJA:** Dat komt omdat myn horloazje stikken is en dat is moarn klear! En at ik it ophelle ha, kin ik dêrnei altyd op tiid komme.

**MÛS:** No ja!

**SIMEN:** 't Is wol goed Katja. (*glimket wurch*) En Katja, atst doch oan 't boadskipjen bist, keapje in pear oerhimden foar my. Do witst wol wat my goed stiet.

**KATJA:** No ju, hartstikke moai net? Der binne tsjintwurdich fan dy bloeskes sûnder board, hartstikke moai. Hjir om 'e hoeke ferkeapje se dy. "Yuppie shirts" binne dat.

**SIMEN:** *(weaut har fuort)* Goed, goed. Mûs, jou har mar wat mei út de lytse kas.

**MÛS:** *(mei tsjinsin, tsjin Katja)* Mar der wurdt mar ien kocht, wyt en mei in board!

**KATJA:** En maat fjirtich, klear!

**SIMEN:** En...

**KATJA:** Ja?

**SIMEN:** Nim in banaan.

**KATJA:** No ju. *(pakt ien)* Wat in knaap! *(nimt noch ien)* Ek ien foar myn freon.

**SIMEN:** Fansels... Hast mar ien freon?

**KATJA:** Dy Spiker! *(nei rjochts)*

**MÛS:** *(tsjin Simen)* Ik bin der sa wer.

**SIMEN:** Nee, dat hoecht net. *(Mûs is kwetst)* Ik moat even belje en... *(suchtet)* Amanda soe my ophelje. Ik koe der net foar wei. *(mei walging)* It is jûn dûnsjen.

**KATJA:** No ju, sille jo mei jo frou nei de disko?

**MÛS:** Hy bedoelt dat er mei de frou nei in balletfoarstelling sil. *(nimt har mei)* Hy soe der better oan dwaan en nim wat rest. *(beide ôf)*

**SIMEN:** Rêst... ferjit it mar. *(pakt de telefoan en kiest in nûmer)*  
Mei Spiker. Is Kamstra der ek? Spiker, fan de Widdo Spiker  
en Ko. Tanke... Dêr gean we wer... *(sykhellet swier)* Goejûn  
Kamstra, mei Spiker. Alles goed? *(hat in oanfal fan pine en dat  
is te sjen)* Ja, ek alles goed. En, ha jo al in beslút nommen?  
Nee, keunststof moat ik jo wier ôfriede... *(knopet it bloeske  
los)* Keunststof jout allinne problemen, it miljeu en sa... *(hân  
op it boarst)* Dêr ha jo gjin boadskip oan...? Mar jo wiene doch  
altyd goed te sprekken oer Carmen, it model Carmen, ja... Mei  
ik jo **doch** in oanbieding dwaan? Kamstra, by ôfname fan...  
*(eagen ticht)* ...tsien tûzen... op jierbasis, krije jo twa prosint  
ekstra koarting... Akkoart, fiif prosint. Jo belje my... goeie...  
goejûn. *(hinget op, sjocht foar him út, lûd fan in hertslach,  
flústert)* Myn hert, myn domme, domme Spikerhert... *(dan it  
lûd fan, earst sachte en dan lûder wurdende, mokerslaggen,  
Simen sit deastil, dan in lûde klap en Simen falt foaroer op it  
buro)*

### Ein earste tafriel

## Twadde tafriël

*(de oare deis op 'e middei. Mûs sit links en Katja rjochts oan it grutte buro. Ko wurket oan de tekentafel mei de rêch nei harren ta. Katja hat de earmen wiid út om de lakke neilen drûgje te litten. Mûs sit achter de typmasine en stoareaget regelmjittich nei de telefoan op it buro. At de telefoan rinkelt wurdt elkenien kjel. Katja pakt gau de telefoan)*

**MÛS:** *(systert)* Katja, jou op! Toe!

**KATJA:** *(yn de telefoan, hastich)* Widdo Spiker.

**MÛS:** Katja! *(rikt nei de telefoan)*

**KATJA:** *(wart har ôf. Mei telefoanstim)* Mei de Widdo Spiker..

**KO:** *(mompelt)* En Ko.

**MÛS:** Is dat it sikehûs?

**KATJA:** *(mei klam)* Wid-do Spi-ker.

**KO:** *(mei klam)* En Ko!

**KATJA:** *(mei klam)* En Ko!

**MÛS:** Is it no it sikehûs of net?

**KATJA:** Binne jo it sikehûs? *(tsjin de oaren)* Hy is net it sikehûs, seit er. *(de oaren ûntspanne en gean fierder mei it wurk)* Nee, jo prate net mei de widdo sels. Wêr't se is? Yn it sikehûs, mar sy is in hy, hear. Widdo Spiker is eins net de widdo, mar de direkteur. Ik bedoel, de direkteur fan de Widdo Spiker.

**KO:** *(automatysk)* En Ko.

**KATJA:** Ja. En Ko. Hy leit yn de Tsjongerskâns. Mei it hert. Foar in hertoperaasje.

**MÛS:** Wa hast dêr? Is 't in klant?

**KATJA:** Wy ha him hjir fûn. Hy lei foar pampus op it buro. Noch in gelok dat wy werom kamen omdat der neat yn de lytse kas siet. Dat er in nije klep ha moast wist er al lang, mar der siet no in túchje yn 'e lieding. Hy krijt in omlieding sis mar. Dy dokters binne eins krekt monteurs, fine jo ek net, menear...? Mei wa praat ik eins? O. En wêrom belje jo ús dan? O, ja, ja. Mar dan moatte jo sels ek as de bliksem nei it sikehûs! Dei, menear. *(hinget op)*

**MÛS:** Wa wie dat?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**